



Kijktip:

## FryslânDOK over Titus Brandsma: Wat is het wonder?

Te zien op 25 en 26 juni

Op 15 mei waren ruim 57.000 mensen op het Sint Pietersplein in Rome getuige van de heiligverklaring van Titus Brandsma (1881-1942) door paus Franciscus. 'Voor ons was pater Titus al lang heilig,' zeiden velen, ook zij die niets met het katholieke geloof, het Vaticaan, de paus of zelfs maar religie hebben. Wat houdt dat dan in: heilig? vroeg documentairemaker Annet Huisman zich af. De FryslânDOK 'Wat is het wonder? Titus Brandsma, een nieuwe heilige' is te zien op 25 juni bij NPO2 en op 26 juni bij Omrop Fryslân.

Anno Sjoerd Brandsma werd als boerenzoon geboren te Ugoklooster bij Bolsward. Hij koos voor het kloosterleven van de karmelieten in Brabant en nam zijn vaders naam over: Titus. In Rome studeerde hij filosofie en hij werd later rector magnificus van de universiteit in Nijmegen. Tijdens de oorlog probeerde hij (katholieke) krantenredacties ervan te overtuigen onafhankelijk te blijven publiceren en niet de opgelegde NSB-progaganda op te nemen. Hij werd opgepakt, gedeporteerd en vond uiteindelijk de dood in concentratiekamp Dachau.

Titus Hettinga uit Bolsward, achterneef van pater Titus, was samen met zijn vrouw Jetty, kinderen en kleinkinderen bij de heiligverklaring. Een band met de kerk is er nauwelijks meer, maar wel met de waarden waar Titus voor stond.

Er wordt nog steeds druk gelobbyd om pater Titus tot beschermheilige van de journalistiek te benoemen. Bart Brandsma, óók familie, studeerde evenals Titus filosofie en werkte als journalist. Zijn missie is: vat krijgen op de polarisatie in de samenleving. Precies daarin ziet hij Titus als voorbeeld en poogt hij een brug te slaan tussen gelovigen en niet-gelovigen.

### **FryslânDOK: 'Wat is het wonder? Titus Brandsma, een nieuwe heilige'**

Zaterdag 25 juni NPO2 15.30 uur (herhaling zondag 26 juni 13.25 uur)

Zondag 26 juni Omrop Fryslân 17.00 uur (herhaling ieder uur)

*FryslânDOK wordt Nederlands ondertiteld.*



**Omrop Fryslân**



**Kom fierder**



Sjochtip:

## FryslânDOK oer Titus Brandsma: Wat is it wûnder?

Te sjen op 25 en 26 juny

Op 15 maaie wiene goed 57.000 minsken op it Sint Pietersplein yn Rome tsjûge fan de hillichferklearring fan Titus Brandsma (1881-1942) troch paus Franciscus. 'Foar ús wie pater Titus al lang hillich,' seine in protte minsken, ek sy dy't neat mei it katolike leauwe, it Fatikaan, de paus of sels mar religy hawwe. Wat hâldt dat dan yn: hillich? frege dokumintêremakker Annet Huisman har ôf. De FryslânDOK 'Wat is it wûnder? Titus Brandsma, in nije hillige' is te sjen op 25 juny by NPO2 en op 26 juny by Omrop Fryslân.

Anno Sjoerd Brandsma waard as boeresoan berne yn Oegekleaster by Boalsert. Hy keas foar it kleasterlibben fan de karmeliten yn Brabân en naam de namme fan syn heit oer: Titus. Yn Rome studearre hy filosofy en hy waard letter rektor magnifikus fan de universiteit yn Nijmegen. Tidens de oarloch besocht er (katolike) krantedaksjes derfan te oertsjûgjen om ûnôfhinklik te bliuwen en net de opleine NSB-progaganda op te nimmen. Hy waard oppakt, deportarre en fûn úteinlik de dea yn konsintraasjekamp Dachau.

Titus Hettinga út Boalsert, achterneef fan pater Titus, wie tegearre mei syn frou Jetty, bern en bernsbarn by de hillichferklearring. In bân mei de tsjerke hawwe se amper mear, mar wol mei de wearden dêr't Titus foar stie.

Der wurdt noch hieltyd drok lobbyd om pater Titus ta beskermhillige fan de sjoernalistyk te beneamen. Bart Brandsma, ék famylje, studearre lykas Titus filosofy en wurke as sjoernalist. Syn missy is: gripe krije op de polarisaasje yn de maatskippij. Krekt dêryn sjocht hy Titus as foarbyld en besiket er in brêge te slaan tusken leauwigen en net-leauwigen.

### **FryslânDOK: 'Wat is it wûnder? Titus Brandsma, in nije hillige'**

Sneon 25 juny NPO2 15.30 oere (werhelling snein 26 juny 13.25 oere)

Snein 26 juny Omrop Fryslân 17.00 oere (werhelling alle oeren)

*FryslânDOK wurdt Nederlânsk ûndertitele.*



**Omrop Fryslân**



**Kom fierder**